


Oan : **Deputearre De Vries**
Fan :  J
Tastelnr. :  J
Ôfstimd mei :  J
Datum : **06-10-25**
Ûnderwerp : **Update Meartalige Fekearsbuorden en Stim fan Fryslân**

Besprekstik: JA / NEE

Fertroulik : JA / NEE

Ôfstimd mei tiimmanazjer : JA / NEE

1. Wêr giet it oer?

Yn desimber 2024 hat it kolleezje fan DS it beslút nommen om te ferfryskjen op de provinsjale diken. Nei oanlieding fan dat hat HR Groep Streetcare de opdracht krigen om it ûntwerp fan meartalige ferkearsbuorden te ûntwikkeljen en in útstel foar in foarmjouwingsbelied op te stellen. De ûntwerpers fan HR Groep binne ta taheakke 3 útstellen kaam dy't op dit stuit fierder ôfstimd wurde mei I&W (foar de toetsing mei hoeddeistige wet- en regeljouwing) en RWS. De trije útstellen ferskille op hoe't de talen skieden wurde: mei in streep oer de hiele breedte fan it boerd, in streep oer de helte fan it boerd of it Frysk yn kursyf (sjoch taheakke).

It úteinlike ûntwerp en konsept belied wurde meidertiid oan de deputearre foarlein, mar dizze earste sketsen lizze no oan deputearre foar om't der op dit momint ek de yntsinsje is om it platfoarm Stim fan Fryslân yn te setten om de mienskip te hifkjen nei harren foarkar foar in ûntwerp. Dat wurdt dien op fersyk fan RWS, mar ek om it proses fan de meartalige ferkearsbuorden sichtber te meitsjen en ynwenners bewust te meitsjen fan de kommende feroaring oan de provinsjale diken. It idee is dat ynwenners twa of trije ûntwerpen yn kontekst te sjen krije en oanjaan kinne hokker ûntwerp harren foarkar hat.

2. Past it yn it belied?

Ja, de útfiering is konfoarm ôfspraken makke yn de BFTK.

3. Wat kost it, wêr komt it jild wei en wat krije we der foar?

N.f.t.

4. Is der in relaasje mei in moasje, amendemint of tasizzing (Id-nûmer fermelde)?

N.f.t.

5. Wat moat deputearre beslute?

1. De earste ûntwerpen ta kundskip oannimme;

2. Oft de deputearre akkoart is mei it ynsetten fan it platfoarm Stim fan Fryslân om de ynwenners te

hifkjen nei harren foarkar.

6. Moat der publisiteit oan jûn wurde?

As de fraach oan de mienskip fia Stim fan Fryslân útset wurdt, dan wurdt der fia de sosjals fan Stim fan Fryslân omtinken foar frege. Ek sille nei alle gedachten de nijsmedia dy't ynteresse hienen yn it ûnderwerp yn jannewaris ek op 'e hichte steld.

Op de oare bledsiden kin in neiere taljochting jûn wurde.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen